

Mear as Ien

Myn leafde is de oseaan,
dy spielt syn weagen nei mear strânen as ien.
Hja brûzje om dy, myn stêd,
en om dy, lân fan my herte,
myn âlde lân dêr't de greiden beslein lizze yn it goud fan 'e bûterblommen
de ierde giet swier fan goede frucht,
en dyn pleatsen drinke de rêst fan 'e jûn, grutte fredige dieren –
dêr is it swijend duldzjen fan dyn frije minsken;
mar yn 'e moarntiid sille dyn ljurken God oanroppe.

In grutte hurd is myn leafde,
dy't jimmer branje hat
en mear as ien flamme;
har reade tongen steane njonken elkoar,
en hja lôgje ta dy, stêd fan myn herte,
dêr't minskewenten rize as rotswâlen.
De tûzenen leavje en lije dêr;
oer it glêde asfalt jit de earmoed syn opdriften
lâns de timpels fan it geweld en de stinzen fan it leauwen.
Stêd, mei dyn symfonijen fan motoaren,
daverjende klaksons oer dyn iepene pleinen
De driuw nei it libben bûnzet ferheftich yn dy;
troch dyn wolkeloften farre de walkiren fan 'e K.L.M.;
de lûden fan alle wrâld heinsto yn tûzen antennen.
En dyn nachten binne fol fermoeden
fan feest en misdied, as de ljochtreklames profetearje
en de blauwe wjerljocht fan dyn lette trammen slacht;
dan riist myn leafde o stêd, yn flammen omheech,
ta dy.

Bin ik dy ûntrou, myn lân,
om't ik gean yn 'e wieling fan 'e grutstêd –
fergeat ik dyn greiden dy't frede geurje,
dyn marren, dyn wiidiepen
ljochte germaanske eagen?
achtsje ik de mystike stiltme lyts
fan 'e fluwielene nachten yn Gaasterlân?

O myn lân, ferwyt my net
want myn leafde is in hurd
mei mear as ien flamme,
en hieltyd komt der branje,
en hieltyd stekt in nije gloed
syn reade flaggen út;
myn lân, ferwyt my net:
myn leafde is hûndertfâld.

Djip en wiid is de grutte oseaan
dêr't it lân fan Atlantis yn fersûnken leit –
djipper en wider is myn leafde.
Har weagen rôlje oer dy, Fryslân,
En oer dy, Amsterdam,
as de weagen fan de oseaan,
de grutte oseaan oer Atlantis.

Fedde Schurer